


linich

tekst en muzyk: Geartsje Douma

Swar - te Pyt, wat bis - to li - nich, do sitst
 grif op gim - me - styk. Wat kin - sto in prot - te
 keunst - kes, li - kest wol fan e - las - tyk.
 Stiest op 'e kop, dat fyn ik o sa knap. Rinst op dyn han - nen,
 stap- pe stap- pe stap. Kop - ke - tom - mel - je, just ja - wol.
 Sjoch ris swar - te Pyt, dat kin ik ek wol!

*Swarte Pyt, wat bisto linich,
 do sitst grif op gimmersyk.
 Wat kinsto in protte keunstkes,
 likest wol fan elastyk.
 Stiest op 'e kop, dat fyn ik o sa knap.
 Rinst op dyn hannen, stappe stappe stap.
 Kopketommelje, just jawol.
 Sjochris Swarte Pyt, dat kin ik ek wol!*

*Swarte Pyt, ik bin ek linich,
 ik sit ek op gimmersyk.
 Ik kin ek in protte keunstkes,
 'k lykje wol fan elastyk.
 Hinkeldepink, dêr kom ik op ien foet,
 huppeldepup, dat kin ik ek hiel goed,
 stampe op 'e grûn, stamp mar ta,
 draaie yn it rûn, draaie, hopsa sa!*



Boartsje mei de
begjintoan:
sjoch nei Swarte Pyt

Boartsje mei it ferske:
Kûplet 1:
Miskien binne der wol bern
dy't mei help de keunstkes
dwaan kinne.

Kûplet 2:
Hinkeldepink: hinkelje
Huppeldepup: springe
Stampé op 'e grûn: stampé
Draaie yn it rûn: draaie

